

De lêste oerstek

Kolofon

ISBN: 978 94 6365 465 4

1e printing 2022

© 2022, Brian McGilloway

© Fryske oersetting: Ammerins Moss-de Boer

Oarspronklike titel en útjouwer: The last crossing – Constable –

ISBN: 978-0-34913-501-4, 2021.

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Til: 058 – 289 48 57

www.elikser.nl

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Fryske oersetting: Ammerins Moss-de Boer

Oersetting en útjefte waarden mei mooglik makke troch:

Provinsje Fryslân

S.E. Wendelaar Bonga Stichting

Douwe Kalma Stifting

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de oersetter en de útjouwer.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the translator and the publisher.

De lêste oerstek

Brian McGilloway



Ta leafdefolle neitins fan ús heit, Laurence

‘Dat der gjin fertriet of ôfskie wêze mei,
as ik oan board gear.’

Alfred Lord Tennyson

De eerste oerstek

Haadstik ien

Martin Kelly skriemde om syn mem krekt foardat er stoar.

Syn gesicht wie wiet fan 'e triennen, syn mûle in groteske O wylst er earst smeke om syn libben en, doe't dúdlik waard dat se net nei him lústerje woenen, doe rôp om syn mem. Neaken knibbele er del yn it grêf dat al foar him groeven wie. It ljocht fan de bûslampe dy't Tony yn 'e hannen hie, striek oer de glêde hûd fan de groede op 'e ûnderbúk dêr't er oan de appendiks operearre wie, ôfstekkend tsjin de ûnsjogge blauwe plakken dy't er dêr hie, syn fallus krompen tusken it donkere hier fan syn skambonke dy't oan 'e bûtenrânen fan 'e gloede noch te sjen wie.

Tony hie him tadekke wollen, syn jas jaan wollen, om him wat fan weardichheid te jaan, mar Hugh hie wegere. Hy fielde Karen neist him, har sykheljen fluch en ûndjip wylst se taseach, de swarte plestik pûde mei Martin's klean, dy't se útlutsen hienen, ferwongen yn 'e hannen.

Martin stuts syn fêstbûne hannen omheech, ôfwikseljend fan it iene gesicht nei it oare sjend. 'Ik wie it net,' sei er. 'Ik haw it net dien.'

'Do liichst,' systere Hugh.

'Net wier,' gûlde Martin. 'Ik swar it by ús mem, ik liich net.'

'En do wistest wat der barre soe.'

Doe stoarte Martin yn, syn lichem stikken fan it gûlen dat oergie yn kokhalzjen. Hy spuide oer himsels, smoarde der hast yn, de galle en flibe hong as kantguod fan syn kin op it boarst. Hy die gjin muoite it fuort te feien.

'Ferdomme,' sei Hugh. Hy die in stap nei foaren en tilde syn pistoal op.

'Sis tsjin ús mem—'

It skot wjergalme tusken de beammen, dy't daliks ta libben kamen, kakofonysk, as sloech in flecht krieën op nei de nachtlke himel.

Martin sloech tebek troch it skot, syn lichem plofte tsjin de side fan it grêf dat se groeven hienen. Hugh stapte der op ôf en treau him, mei syn tean, yn it gapjende gat, foardat er fluch efterinoar nochris trije skotten ôffjurre, dy't elk koart it stille wite lichem opljochten dêr't it sa lei, de reade wûnen as blommen iepentearend mei elk skot.

‘Ferbrân de klean,’ snaude Hugh, wylst er Karen oanseach. ‘En do,’ sei er tsjin Tony, ‘pak in skeppe en oan it wurk.’

Sy wienen tweintich minuten dwaande om it grêf te foljen. Hugh en Tony fûnen fluch in ôfwikseljend ritme wylst se, yn 'e fierte, troch de kearsrjochte rigen fan spjirren sjen koenen hoe't Karen, har gesicht ferljochte troch de flikkerjende flammen, Martin's klean ferbrânde. De lucht, dy't skerp rûkte troch de reek fan it brânende tekstyl, knettere en systere troch de spjirrenullen dy't Karen yn it bosk sammele hie om it fjoer oan te stekken. Doe't se klear wie, seagen se har dûnsjen op 'e sintels, dy't hieltyd wer opljochten as se har fuotten delsette om it fjoer út te traapjen en it skroei plak mei leaf ôf te dekken.

Yn 'e fierte gie in leech rommeljen oer yn it bolderjen fan in fleantúch dat opstrijk fan de lofthaven fan Glasgow en oer harren hinne fleach, krekt boppe de wolken; it gejang fan 'e strielmotors waard hieltyd lûder neigeraden it fleantúch heger opstiigde, berikte in hichtepunt en ferfleach stadichwei ta stilte.

Tony frege him ôf oft de minsken oan board, as se nei ûnderen seagen, sjen koenen hoe't sy yn it tsjuster dwaande wienen. Hy fielde syn hertslach yn syn earen en de mage kearde him hast om as er tocht oan wat er krekt dien hie.

‘Bist der wis fan oft—?’ begûn er, de earste wurden dy't ien fan harren sein hie sûnt se de skeppen oppakt hienen.

‘Wy hawwe it der nea wer oer,’ sei Hugh. ‘Wy komme hjir nea wer.’

Tony makke in gebear as woe er der tsjiny, mar Hugh stuts de skeppe omheech. ‘Ik slach dy ferdomme de harsens dwerstroch

asto dy no de bek net hâldst. Ik haw der likefolle pinebealch fan as do, mar hy hie it fertsjinne.’

Wylst se harren guod bymeakoar pakten en by it iepen plak weirûnen, seach Tony noch in lêste kear efterom; der wie, yn it ferdwaalde ljocht fan Hugh’s bûslampe, troch de foarke fan in eek, omwuolle mei klimmerblêd, noch krekt in bultsje te sjen dêr’t de grûn wat heger wie. It duorre hast in oere om wer by de auto te kommen; de kuier troch it bosk gie yn stilte.

Mar ien kear, doe’t se in wetterke oerstutsen dat troch it bosk meândere en oerbrêge waard troch in omfallen beamstam, hâlde Tony ho en stuts er in hân út om Karen te helpen mei oerstekken. Se pakte syn hân beet, kniep der wat gerêststellend yn, en hâlde him krekt in tel langer beet as nedich, nei’t se de oare kant berikt hie.

* * *

Se rieden dy jûns werom nei Glasgow en setten Hugh ôf by it treinstasjon.

‘Jimme hearre noch fan my,’ sei er wylst er útstapte. ‘Gean nei hûs en ferjit de hiele ferdomde kwestje.’

Se seagen him nei wylst er it stasjon binnen skeuvele, de hân yn ’e bûse stekkend foar wat muntsjes om oan in jongkeardel te jaan dy’t by de yngong fan it stasjon hûkearze, mei in papieren kofjebeker as biddelbakje.

‘Wêr wolst dat ik dy ôfset?’ frege Tony.

‘Wêrom helje wy net noch earne wat?’ stelde Karen foar. ‘Der is in sliterij oan ’e oare kant fan ’e dyk.’

Mei in flesse Southern Comfort en twa Cola Light kamen se wer bûten. Se rieden nei Karens flat yn Paisley. Binnen strûpten se daliks de klean út sa as Hugh opdroegen hie en dienen se yn in hite wash. Se sieten foar de hurd, berôle yn lekkens, en dronken de helte fan de Southern Comfort foardat Karen har nei him

omdraaide en by Tony op 'e skoat krûpte, har mûle swiet, har tonge kâld yn syn mûle, him tútsjend mei in urginsje, in honger, dy't him oer it mêd kaam, sels doe't se it lekken fan him ôf luts en him achteroer op 'e grûn treau. Se frijden. Tony hie it gefoel dat er har lichem op dat stuit wer op 'e nij ûntduts, as hie de neite fan 'e dea harren langst om te libjen, te azemjen, te fielen, wer oanboaze. Hy besocht it byld fan Martin Kelly, op 'e knibbels yn syn grêf, út 'e holle te krijen; it idee dat syn lyk ûnder de grûn kâld waard wylst harren lichems yn in momint fan klimaks brânden as in lôge.

Se leinen neist inoar, Tony mei de holle by har op it boarst, syn hân op har búk. Hy koe hearre hoe't it snelle klopjen fan har hert fertrage, en fielde dat syn sykheljen syngronisearre mei dat ritme. Hy fielde him lokkich, tocht oan hoe't it wêze soe sa tegearre, earne dêr, wylst de winterske wyn fan Donegal om it hûs gûlde.

Dat wie wat er him heuge soe yn de jierren dy't komme soenen, doe't er allinnich en ek iensum wie. Dizze lêste kear tegearre. De waarmte fan har lichem, de rook fan har parfum, fan har hûd, it lichte omheech kommen en fallen fan har boarst ûnder him mei eltse sike, de sâltigens yn syn mûle wylst er syn eigen holle optilde en har tute en it ljocht fan de flammen dûnse oer har fleis.

Haadstik twa

‘Sûnden fan it fleis,’ mompele er, as woe er de fraze útprobearje, syn tonge wrakseljend mei de wurden. Sa’n argayske formulearring, tocht er: sûnden fan it fleis. Hoe oars it te omskriuwen? Sels no’t er allinnich wie, wie it dan noch hieltyd in sûnde fan it fleis, wannear’t it fleis sines wie?

Hy rûn troch syn boadskippelist oan sûnden, in wizânsje sûnt syn bernetiid, wylst er wachte oant Pastoar O’Brien it houten sket fan de bychtstoel fansiden skowe soe. Hy koe it sêfte mompeljen fan it petear oan ’e oare kant fan ’e bychtstoel hearre; ôfwikseljend it modulearjende timbre fan de legere, sêftere toanen fan de pastoar, en it temûke, systerjende flûsterjen fan de frou yn it oare hokje.

De bychtstoel wie tsjuster en benypt, ryk oan bedwelmjende swietens fan de houtpoets dy’t er sels krekt de moarn dêrfoar noch brûkt hie op de bidbankjes en linings doe’t er meiholpen hie mei de wyklikse himmelbeurt fan ’e tsjerke.

It klappen fan it houten sket dat teplak skood waard, kaam him oer it mêd; hy hie it bedompte ritmyske Akte fan Berou oan ’e oare kant net heard.

‘Wês my genedich, o Heit, want ik haw sûndige,’ begûn er, en wer seach er, ûnwolkom, Martin’s wite lichem, it reade ûntlûken fan syn wûnen, de smellens fan syn grêf, sa tsjuster as de bychtstoel. Hy swijde.

‘Gean mar fierder, Tony,’ fitere de pastoar him sûntsjes oan.

‘Ik haw sûndige,’ werhelle er. ‘It is in moanne lyn sûnt myn lêste bycht. Ik haw God beledige troch ...’

It boadskippelistje stelde him teloar. Min oer ien te sprekken? In pear kear porno sjoen? It like no allegearre sa bernlik.

‘Giet it?’

‘Ik eh, ik bin der moarn net,’ wist er derút te krijen, syn mûle ynienen drûch, de wanden fan de bychtstoel fielden tichterby, de râne fan it bidplankje pripte him yn ’e knibbels.

‘Bêst, jonge,’ sei O’Brien, wat wifeljend. ‘Wolst noch wat opbychtsje foardasto fuort giest?’

‘Ik soe ... Ik haw ôfpraten mei wat freonen fan eartiids.’

Hy koe it sylhûet fan ’e pastoar sjen troch it roaster dat tusken harren yn siet, knikkend, syn holle bûgd wylst er lies yn syn gebedeboek by it swakke ljocht dat troch de gerdyntsjes fan de bychtstoel nei binnen krong.

‘Bêst, jonge,’ werhelle de pastoar. ‘Ik kin wol ien fine dy’t tongersdei de begraffenis oernimme kin, ast dat wolst.’

‘Nee, net nedich,’ sei Tony. ‘Ik bin moarntejûn wer thús. Ik kom mei de lêste boat werom.’

‘Boat? Silst nei Skotlân?’

Tony flokte sûnder lûd, en betocht him hoe iroanysk dat wie yn syn situaasje no.

‘Freonen fan skoalle?’ frege O’Brien.

‘Dat ja,’ sei Tony. ‘Ik bin der tongersdei wol wer.’

‘It sil dy goed dwaan,’ sei O’Brien. Hy seach op. ‘Nei wat der de ôfrûne moannen allegearre bard is.’

Tony knikte.

‘Wolst noch bychtsje?’ frege O’Brien.

‘Ik haw ... Ik haw dingen dien dêr’t ik net grutsk op bin,’ sei Tony. ‘Better kin ik it net beskriuwe.’

‘Iensumens docht dat bytiden mei in man,’ begûn O’Brien. ‘Wy binne sosjale dieren; wy binne der net foar makke om allinnich te wêzen.’

Dêrnei kuiere Tony nei it grêf fan syn frou. Hy socht har sûnt har dea eltse dei op. 283 dagen. De roazen dy’t er foar har jierdei de wike derfoar meinommen hie, wienen ferwile, de stâltsjes sêft, de kopkes hongen der tryst by, as preuvelen se in bea oer har grêf.

Hy hûkearze by de râne en luts wat betiid ûnkrûd út de grûn boppe har; hy fielde in drôvige foldwaning doe’t de woartels har earst fersetten en doe meijoegen.

‘Ik sil dy misse moarn, Ann,’ sei er. Hy kaam oerein en lei

syn hân op it kâlde moarmer fan de grêfstien. ‘Wy sille werom.’ Hy fielde de spanning yn it boarst by de gedachte, en pakte de stien beet foar steun.

‘Ik hâld fan dy, Ann,’ sei er as lêste, doe’t er wer sykhelje koe, syn wurden amper mear as flústerjen. De stien ûnder syn hân wie kâld en hurd en hy skamme him foar syn tinzen, want dy gienen, sa betocht er, hielendal net oer syn frou.

Hy frege him ôf oft Karen feroare wie. Har hier wie doe lang, op ’t skouder, en brún. Se soe no ienenfyftich wêze, of twaenfyftich. Tocht sy ek oan him, sa’t hy oan har tocht? Besocht sy ek, yn gedachten, syn oanrekking wer te fielen? Syn smaak en rook? Fielde sy, efkes, de druk fan syn holle op har boarst, syn hân op har lichem? En waard se nachts wekker, Martin’s lêste smeekebea om syn mem noch yn ’e earen, de rook fan syn brânende klean yn har hier?

En, mear noch, hy frege him ôf oft sy har dan omdraaide nei ien dy’t neist har op bêd lei, en liigde oer wat har dreamen fersteurd hie. Of hie se ien fûn dy’t se de wierheid fertelle koe? Of wie har bêd kâld en breed en iensum, lyk as sines? Sa kâld en iensum as Martin Kelly, dêr’t hy lei ûnder de grûn.

Haadstik trije

De grûn dy't op de deakiste fan syn broer klettere, kundige in gûl fan pine fan syn heit oan sa't er dy noch nea earder heard hie, en nea wer hearre soe. De man, lang, stevich boud, grutsk, like by it lûd te ferskrompeljen, as hie de jammerklacht op wei nei bûten wat fan syn wêzen meinommen. Tony pakte him by de earm en besocht him oerein te hâlden, wylst de Pastoar him oanseach mei in mingeling fan meilijen en sjêne, en syn mem wer begûn te snokkerjen yn it hoopke ferknûkele wiete papierene bûsdoekjes dat se yn 'e hannen hie.

Efter him dienen twa manlju in stap nei foaren, út in groep dy't op it hôf yn militêre formaasje efter harren oan rûn hie. 'It komt goed, jonge,' sei de iene. 'Wy hawwe him al.'

Syn heit skrille tebek by harren oanrekking, mei syn hân sykjend om Tony, om him oerein te helpen. De manlju, skynber fol fan begryp, dienen wer in stap tebek, mei respekt, de holle bûgd.

Nei de begraffenis stienen de manlju, klaaid yn in unifoarm fan in wyt boesgroen, mei it boppeste knoopke los, en in swarte broek, mei sêfte stim mar ernstich mei syn mem te praten, rûnen doe mei in knikje en in blik fol meilibjen by syn heit lâns, mar fûstken allinnich mei Tony. De lêste dy't by him lâns rûn, ien fan de manlju dy't nei foaren stapt wienen om syn heit te helpen, pakte ûnder it fûstkjen mei de oare hân Tony syn skouder beet, syn greep stevich en waarm.

'Kondolearre, jonge,' sei er. Hy wie lyts en grou, hie brún hier en in tsjokke snor. Hy stammere wat, as bleau om de pear wurden syn azem stykjen.

'Tankewol,' sei Tony. 'Tankewol foar jo help earder.'

'De pine fan jim heit is noch rau,' sei de man. 'As wy wat dwaan kinne, lit it my dan witte. Wat ek mar.'

Tony knikte, ûnwis oer wa't 'wy' of 'hy' wie. Hy studearre

al trije jier yn Belfast, en wist net sa goed mear wa't de buorlju en freonen fan syn âlden wienen.

‘Sy komme der net foarwei, foar wat sy jim Danny oandien hawwe,’ sei de man, syn blik kalm en ûnferbidlik.

Tony knikte, mompele ynstimmend, net hielendal wis wat er oars sizze moast. Hy wist, yn alle gefallen, no wol wa't ‘sy’ wienen.

Syn broer, Danny, twa jier jonger as hy, hie nei in fuotbalwedstriid yn Brandywell op wei nei hûs west. De jûn wie kâld, dus hie er syn Derry City-sjaal oant oer syn noas lutsen. Hy wie binnentroch gien — de steechjes troch en dan by Bligh’s Lane lâns — doe’t in Land Rover fan it leger, fuortfeegjend fan in opskuor oan it begjin fan ’e strjitte, oer de dyk dinderjen kaam. In benzinebom hie it gaas foar it foarrút rekke en de drippende flammen, en de reek, hienen, sa waard letter sein, it foar de sjauffeur lestich makke om de dyk te sjen. Hy hie de stoepe rekke krekt doe’t Danny om ’e hoeke kaam, as út it neat, bewearde er, en it jonkje wie ûnder de tsjillen rekke.

Oft Danny noch lang libbe hie nei de klap, doarden se net te sizzen, want de Land Rover hie gjin ho hâlden, út eangst foar in mûklaach. De jonge hie yn alle gefallen dea west doe’t de minsken dy’t oan Nualamont Drive libben út harren huzen kamen om te sjen wat der bard wie.

‘Wat woe Mullan?’ frege syn heit letter dy jûns. Se sieten yn ’e keuken, syn heit mei in net oanrekke mogge tee foar him op ’e tafel.

Se hienen alle gasten fan ’e begraffenis útnûge foar tee en brochjes yn it buerthûs en wienen hingjen bleaun oant de lêsten ôfsetten.

Tony luts freegjend oan de skouders.

‘Sean Mullan,’ sei syn heit, as ferdúdlike dat wat. ‘Hy spruts dy oan by it grêf,’ sei er derby. ‘Dy grouwe keardel mei de snor.’

Tony fernuvere him oer de persoanlike aard fan syn heit syn opmerking. ‘Hy sei dat as wy help nedich—’

‘Net fan types as hy,’ snaude syn heit. ‘Do hast dochs neat tasein, of wol?’

Tony tocht nei oer oft mompeljend ynstimme mei de opmerking dat dejingen dy’t syn bruorke fermoarde hienen der rekkenskip fan jaan moasten ûnder tasizzen foel. Lang om let skodholle er. ‘Ik wit net iens wa’t er is.’

‘In lider, dat is er,’ sei syn heit. ‘Ien dy’t profitearje wol fan Danny’s dea.’

‘Hoe dan?’

‘Mullan sit heech yn ’e organisaasje. Hy sil bewearde dat Danny’s dea polityk wie.’

‘It wie polityk,’ sei Tony. ‘It leger hat him deariden.’

‘It wie in ûngelok,’ sei syn heit. Hy pakte it leppeltsje út ’e tee en dêrmei ek it feltsje dat op syn drank foarme wie.

‘Ungelok, louloene. Se binne oer him hinne riden as oer in hûn.’

Syn heit seach op, stoarre him oan, de triennen yn ’e eagen, en Tony hie al spyt fan de ûngefoeligens fan syn wurden. ‘De jonge dy’t it dien hat, wie njoggentjin. Jonger as do. It wie syn earste wike.’

‘Hawwe se heit dat ferteld?’

De âldere man azeme yn, skerp, hâlde de azem fêst, as woe er net útazemje út eangst foar wat der dan barre soe.

‘En wat hat Mullan tsjin dy sein? Dat se wraak nimme soenen?’

Tony hold syn útdrukking neutraal. ‘Faaks soe ien dat dwaan moatte.’

Syn heit knikte. ‘En wat soe dat úthelje? Soe it Danny wer by ús werom bringe?’

‘Der moat ien foar boetsje.’

‘Wêrom? Is alles dan wer lyk, as der in oare heit—’ Hy swijde efkes, suchte djip, en gie doe fierder, ‘yn in kâlde mogge tee sit te rieren nei’t er syn soan begroeven hat? Soe dat it better meitsje?’

Tony woe nei syn heit ta, syn earms om him hinne slaan, mar